


De Twirre



oktober 2025



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 42e jiergong nr. 3: oktober 2025. De Twirre is it fearnsjiersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente.
Kopij foar it kommende nûmer graach foar 1 febrewaris by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Hendrik Tel	till.	0049 - 5924 785255 hendrik.tel@t-online.de
Skriuwer	Janroel Salomons, Parijsstraat 79 7559 KP Hengelo		x@8379.nl
Ponghâlder	Pier Bergsma	0546 - 57 57 30	pu.bergsma1944@gmail.com
Leden	Grieteke van der Veer	074 - 291 8564	gpvdveer@gmail.com
	Grietsje Posthumus	06 51 99 09 19	grijshengelo@gmail.com
Redaksje Twirre	Jelle van der Meulen	074 - 242 7217	jellevdm@t-online.de

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 25 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 40 Euro. Rekken-nûmer: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer.

Frisismen

- <i>Hij is wat half</i>	Hij voelt zich niet zo lekker.
- <i>Ik ga op bed</i>	Ik ga naar bed.
- <i>Wat smijt het op?</i>	Wat levert het op?
- <i>Waar kom jij weg?</i>	Waar kom jij vandaan?
- <i>Hij woont buitenuit</i>	Hij woont buiten het dorp.
- <i>Heb je het al bezocht?</i>	Heb je het al geprobeerd?
- <i>Het lijkt op vliegen!</i>	Het lijkt nergens naar!

Belangrike data

freed 23 jann. Jiergearkomste. Wijkcentrum Hengelose Es
Uitslagsweg 47 Hengelo. Seal iepen 13.30 oere.
Nei it skoft optreden fan Nanne en Ankie.

ein febr. Folgjende Twirre komt yn 'e rin fan febrewaris.

In pear gedachten fan 'e foarsitter

It is al wer hjerst; de kleuren binne no giel en goud, ek moai. Elk diel fan it jier hat syn bekoaring. It is itselde mei ús libben; goede en minne mominten wikselje inoar ôf. Is it net itselde mei ús Fryske krite yn Twente? Dizze maitiid hawwe wy muoite hân om de krite draaiende te hâlden. Wy koene dochs in pear aktiviteiten trochgean litte, it reiske nei Aalten en Bredevoort en twa middeis oan 'e Hengelose Es.

Hoe no fierder? Ein jannewaris is ús jiergearkomste. Dat sil wierskynlik de toan sette. Wat nedich is, binne ien of mear kandidaten foar it bestjoer. Persoanlik haw ik fan't simmer leard hoe kwetsber ik bin. Nei in fal, mei in brutsen heup, operaasje en in lange revalidaasje as gefolch, bin ik wer op 'e skonken kommen, mar it besef dat de dingen net mear wurde sille hoe't se wiene, is goed ta my trochdrongen. Dêrom moat der in oplossing fûn wurde foar de funksje fan foarsitter. Oars moatte wy serieus besjen oft wy trochgean kinne mei de krite of einige yn 'e hjerst fan 2026.

Mar op ús jiergearkomste hawwe wy ek in kultureel elemint. Wy hawwe Nanne en Ankie, in sjongduo út De Gerdyk, boeke kinnen foar nei it skoft. Hja ha wolris earder by ús optreden. Ik hoopje in protte fan jimme wer te sjen op ús gearkomsten.

□ Hendrik Tel



Kritereiske nei Aalten en Bredevoort (23 sept)

Der stiet al in aardich ploechje âlde Friezen klear as de bus fan Richters Reisen by ús bekende startpunt, Van der Valk Hengelo, oankomt. Opfallend is it oantal rollators dat dit jier meigiet; seis stiks!! Dit jier is keazen foar in reisdoel dat net sa fier fuort is, dus we hoege net hiel betiid by de start te wêzen en sitte ek net al te lang yn 'e bus.

By it Nasjonaal Underdûkersmuseum yn Aalten wurde we ûntfongen mei kofje en in lyts, mar hiel lekker, gebakje. En we krije tagelyk alfêst wat útlis oer it museum dat we yn trije groepkes meigidsen besjen sille. Yn Aalten en omkriten wiene yn de twadde wrâldoarloch in soart minsken ûnderdûkt. Meastal gie it dan om Joadske minsken, mar faaks ek om fersetsstriders of guon dy't net nei Dútslân woene om te wurkjen.

Yn it hûs dêr't wy no binne wenne yn dy jierren in gesin mei twa lytse bern. Se hiene ûnderdûkers op souder wylst de grutte foarkeamer troch it nazirezjym foardere wie as kantoar fan de Ortskommandant. By ús rûnlieding troch dit hûs, dat no ûnderdiel is fan it museum, komme wy yn al dizze romten. It is net te begripen hoe't dat yn dy tiid west hat. Op de souder litte koffers de ferhalen sjen fan ferskate ûnderdûkers en fan de minsken dy't dy ûnderdûkers yn hûs namen, mei gefaar foar eigen libben. It risiko foar ûntdekking wie grut. Je wisten net wa't te fertrouwen

wie; in kwestje fan "hokker keuze makket in minsk". Under yn it hûs is ek noch in algemiene skûlkelder dêr't minsken út it doarp hinne flechtsje koene as it loftalarm gie.

Nei ús besyk oan dit nijsgjirrige museum ride we nei Bredevoort, dat tichtby leit. Yn 'e bus fertelt foarsitter Hendrik Tel alfêst wat oer it lytse stedsje dat al yn de tolfde iuw neamd waard. It wie yn dy tiid eins allinnich in plak dêr't men mei droege fuotten troch it wiete, sompige gebiet komme koe. It wie in belangrike trochgong op



de hannelsrûte tusken Bochholt en Zutphen. Letter waard it in in festingstedsje mei in burcht en in grêft, mar dêr is net folle mear fan te sjen. Tsjintwurdich is Bredevoort benammen bekend as boekestêd. Der binne ferskate antikwariaten, en der is sa no en dan in gruttere boekemark.

Yn brasserie 't Grachthuys krije we in hearlike, goed fersoarge lunsj. Dit is mear as in gewoan middeisbrochje! Nei it iten rinne de measten noch even troch it stedsje. Op de hoeke fan it plein stiet in aardich byldsje fan Hendrikje Stoffels, húsfrou en skildersmodel fan Rembrandt. Sy is berne yn Bredevoort, lêze we op it byhearrende bourdsje.




We kinne noch even wat drinke op it terras fan de Brasserie, lekker yn 'e sinne en út 'e wyn. En dan giet it wer op hûs oan.

It wie in tige goed slagge dei! Grieteke en Hendrik: betanke foar de organisaasje! □ Ali

Oer in snoekje

Yn Warten krige 'n leaf lyts snoekje
 Fan memkelea in breiden broekje.
 Mem sei: "No kinsto earber swimme,
 Gjûn fisk sil hjir oanstjit nimme."
 It snoekje woe der neat fan witte
 En har de broek net oandwaan litte.
 Se rôp dat se 't net brûke woe
 En doe sa lûd as se mar koe:
 "It is klear as it bekende klontsje:
 Ik swim leafst yn myn bleate kontsje."

H.J. Kleefstra út: De bisteboel fan Hoatse



Fan de ponghâlder

Tinke jo oan de kontribúsje foar 2026? Yn de lêste jiergearkomst is ta in lytse ferheging besletten. It bedrach is no 25 Euro yn 't jier en foar in hûshâlding 40 Euro. Graach begjin jannewaris oermeitsje op rekkennûmer: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer.

□ Pier Bergsma

Email adressen

Wy hawwe sawat fan alle leden no ek in email-adres. Foar it reiske yn septimber en de Fryske middei fan ein oktober hawwe wy beide kearen as herinnering in email oan ús leden stjoerd.

□ Wies Salomons

Famyljeberjochten

Op 23 juny is Klaasje Hiemstra - Oosterkamp stoarn yn de âldens fan 98 jier. Klaasje wie de frou fan Evert Hiemstra dy't al yn 2005 stoarn is. Hja wiene lang lid fan de krite en ek altyd oanwêzich by ús kriteaktiviteiten. Klaasje kaam fan Fochteloo. Op 30 july is Hanneke Janssen-Huitema út Enschede ferstoarn. Op de jiergearkomste fan 2018 hat se ferteld oer in boek dat se skreaun hie oer har heit *De brommer van Woudsend*. Har pseudonym wie Hanneke Woudstra. Hanneke wie 85 jier. Op 3 augustus ferstoar Jacoba Aafje de Jong út Hengelo, 93 jier. Hja hat in jier as tsien lid west by de krite. Op 9 septimber ferstoar Wies Boersma - van Unen, widdow fan Lyckle Boersma dy't yn de jierren '90 foarsitter fan de krite wie. Wies wie 85 jier âld. Alle neisten winskje wy folle sterkte ta!

Strânljip

Snein 14 july. Fanwege in briedende strânljip midden op it keatsfjild yn de Westhoek, waard de Jongenspartij ferpleatst nei it keatsfjild yn Sint Jabik. De strânljip genietet wetlike beskerming.



Djoer

Theunis en Jinke hawwe it brekfallich hûs fan Huitema kocht. Al in jier leech stien. Gjin rût mear yn. Ek noch sinten foar jûn. Theunis sei dat der fan dat hûs hiel noch wol wat te meitsjen wie. Earst mar ris platen board ûnder de pannen om it ticht te krijen. Dan koenen se begjinne.

Lêsten sneons gyng Theunis mei twa maten dat grut stik wurk oan. De pannen der ôf. It is wat raar betearde. Hyltsje bruide troch de juffers en kaam op 'e souder telâne. Noch in grut wûnder dat er der mei wat smertlapen en in tsjûk ankel ôfkaam. Twa fermôge juffers hienen it bejûn. Bros as woartels. In grut gat yn it dak. It wurk is stillein. In nij dak sil gâns jild fergje. Dêr hat Theunis daalk gjin ferlet fan.

Dan noch wat. Sille de ynwetere muorren in nij dak drage kinne? Dy fraach hat Theunis ûnder eagen te sjen. Earst rôp er wakker dat er it hûs foar in apel en in aai krigen hie. Dat seit er no net mear. Teake Wimer sei dat Theunis oars neat kocht hie as it ûnnoazel lapke grûn. "It hûs is waar-deloas. By myn witten is hjir noait djoerder grûn ferkocht. Theunis mei it jild wol gram wêze!"

□ Paulus Akkerman út: Wat wie 't wat

Even puzelje

De oplossing fan de foarige puzel wie: skiep (de wurden wiene: skriuwer, kjeld, ierdbei, earmtakke, potlead).

No meie jo wat puzelje mei siswizen mei foet / fuotten deryn.

De betsjuttingen ha'k derby set, mar net yn de goede folchoarder; dy moatte jo betinke en de letters foar de betsjuttingen foarmje dan fan boppen nei ûnderen in wurd dat mei dizze tiid fan't jier te krijen hat.

De fuotten rjochtút stekke	(a) Fan gjin belang wêze
Goed oan de efterste foet lûke	(r) Dronken rinne
De fuotten ûnder it gat hawwe	(s) Op bêd gean
In spultsje fan kâlde fuotten wêze	(m) Yn ferlegenheid sitte
Oer de foet stappe	(o) Finansjeel der boppe-op wêze
Mei twa fuotten yn ien hoas sitte	(t) Wat fluch begjinne te rinnen

□ Eeke

“Daniëlle lêst wolris wat”

Daniëlle Schreuders fersoarget in nije rubryk foar yn De Twirre Hjir har twadde bydrage.

Disse kear twa gedichten: “It riedsel gelok” fan Syds Wiersma. Bron: “Letter”, leesbijlage zomer 2025, Ljouwert Unesco City of Literature.

It oare gedicht “84 ODE” stie op in buordsje doe’t ik de Boalseterfeart by del fytste. De skriuwer koe ik net lêze. Fytsten makket my lokkkich dat sadwaan-de heart dat ferske goed by it oare gedicht. □ Daniëlle



IT RIEDSEL GELOK (Syds Wiersma)

*In moment dat oer dy komt
Ik hie krekt dûst en rûn
It healtsjuster fan de sliepkeamer yn
doe stie ik der samar midden yn*

*ik gie sitten foar it rût
oer de seedyk struts ljocht
fan de fjoertoer*

*wat helje wy út om it ôf te twingen
foldien fiele nei bodzjen berikt
is al hiel wat
en wy sykje it noch folle fierder as dat*

*lok is in skou bist
it hat in twadde natoer
foar ast safier bist
en net mear hoechst
wolst of kinst*

*wach is er
in dief yn de nacht
naait út mei de bú, fuort is er
neat te melden
inkeld bedroch*

*of dochs in bringer fan gelok
in kat dy't springt en by dy krûpt?*

« **Regels.** Ik wie koartlyn yn Ternaard by freonen en dêr seach ik dit buordsje. Ik ha der mar in foto fan nommen sadat no elkenien de regels ken. □ Jurjen Kootstra

84 ODE

*Ik sit op myn fyts
en ik sjong der myn liet
it liet fan myn treflik fytske
de bantsjes snuorje
troch waar en troch wyn
it stjoer glimt fan rein en fan sinne*

*mar sa earlik as goud
in ding sûnder babbelegûchjes
gjin spegeltsje hjir gjin wizerke dêr
en gjin laberint fan in motor*

*ik poets net op sneon
en ik poets net op snein
ik lit har mar stikem gewurde
en is der wat mis*

*dan sjoch ik it fluch
en krij ik gjin pine in 'e holle
it ljocht stiet op read
in troep auto's der foar
ik ryd der de slalom om hinne
en springt it op grien
dan bin ik al fuort
it earst út dy stjonkende file*

*ik skel op de lju
mar se hearre it net
breedút yn har rykjende kringen
oan rinnende bân
skoot blik by my lâns
ik fyts fûgelfaai oer de wegen*

Tuorrebout of bollepyst

“Lisdodde” wurdt er neamd yn it Nederlânsk. Mar yn it Frysk kinne wy in grut ferskaat oan nammen foar dizze wetterplant: stoezebol, pompeduorre, dodde, smook-sigaar, sigaar, hembol, modder-snyl, stouzebout, doer, lampe-pûster, tuollebout, poddeduorre, reidsigaar, doerebout, stjonkstôk, dule, bollepyst, sugge, doerebol, sigge, stoezebout, poepekul, duorre, dûzebout, stjonksigaar, such, duorrebout, tuorrebout.

□ Jurjen Kootstra



Jiergearkomste freed 23 jannewaris yn Hengelo

De krite hâldt har jiergearkomste op freed 23 jannewaris 2026 yn it Wijkcentrum Hengelse Es Uitslagsweg 47 Hengelo. De seal is iepen om 13.30 oere. Earst kinne wy inoar nijjier winskje, dan is de fergadering en nei it skoft folget in optreden fan Nanne en Ankie.

Wurklist fan de gearkomste:

1. Iepening.
2. Ferslach ekstra ledegearkomste 3 april. Stie yn De Twirre fan juny.
3. Jierferslach mei ek in weromblik op de kommisjes.
4. Ferslach kaskommisje, ferslach ponghâlder, nije kaskommisje.
5. Gearstalling bestjoer en de takomst fan de krite.
 - a) Foarsitter Hendrik Tel wol graach de hammer oerdrage.
 - b) Der is ek ferlet fan noch ien of twa nije bestjoersleden.
 - c) De takomst fan de krite.
6. Wat fierder op tafel komt en rûnfreegjen.
7. Sluten fan de gearkomste

Dan is er skoft. En nei it skoft in optreden fan sjongduo Nanne en Ankie.

Nanne & Ankie

Al sûnt 1980 spylje Ankie en Nanne tegearre. Ynearsten yn Irolt, letter yn de groepen Kat yn 't Seil, Liereliet en Kajto. Mei dizze groepen - en ek tegearre - sjongend yn it Frysk, it Nederlânsk, it Esperanto en soms noch yn oare talen, brochten se rom fjirtich albums út op LP en CD en makken se (en meitsje se) regelmjittich konserttoernees yn it bûtenlân, net allinnich yn Europa mar ek yn Noard-Amearika, Austraalje en Azië. Wat de teksten fan harren lieten oanbelanget, Nanne en Ankie behei- ne har net en sjonge oer alle soar-



ten fan saken. Maritime en histoaryske tema's spylje bij har in grutte rol, mar likegoed besjonge se komyske foarfallen út it deistige libben. Ek hâlde se der fan om Fryske poëzij op muzyk te setten.

Yn binnen- en bûtenlân, op grutte en lytse poadia, yn konsertsealen, tsjerken en kroegen, op boaten en op strjitte, op festivals, kofje-konserten en kulturele jûnen, yn de 'liete-workshops' dy't se fersoargje of wêr dan ek mar: oeral en altyd bringe Ankie en Nanne mei humor in programma, taspietst op de sitewaasje. Bij elts konsert wurdt it publyk wol in kearman-nich útnoege om mei te sjongen. Se begeliede harsels op ynstruminten as gitaar, mandoline, konsertina, fluit en skalmei. □ www.nanne-ankie.nl

Marica yn it sikehûs yn Panama

Ofrûne simmer is Marica van der Meer fanút Japan fia Hawaii nei Mexico flein, fyts mei mar Chepe net. Hy gie earst nei syn dochter yn Madrid. Marica op 'e fyts fan Mexico, Guatamala, El Salvador, Nicaragua, Costa Rica nei Panama. Dêr trof se Chepe wer. Mar begjin oktober gie se mei de fyts oer de kop. Sleutelbeen en acht ribben stikken. Sikehûs, operaasje, ôfwachtsje. www.facebook.com/marica.vandermeer
Ein maart 2024 wie Marica by ús yn Enschede. In wike letter sette ôf.



De Slachtedyk, fan Easterbierrum nei Raerd

Midden troch it Fryske lân rint in lange dyk. In frjemde dyk, want hy liket mar in bytsje beskerming te bieden. Dochs hat dizze Slachtedyk, of koartsein De Slachte, it Fryske binnenlân iuwenlang befeilige tsjin oerstreamingen fan de Middelsee.

De Slachte begjint by Easterbierrum, heaks op de Waddendyk. Fandêr rint hy yn súdlike rjochting tusken Harns en Frjentsjer troch, boppe Boalsert en Snits lâns om grillich syn wei nei it einpunt by de tsjerke fan Raerd te ferfolgjen.

Yn de 13e iuw waarden de lêste dielen fan de Middelsee ynpoldere, wêrnei't de Slachte noch allinne in binnendyk wie dy't ekstra beskerming bea. De hiele Slachte is krekt 42,6 kilometer lang. In ideale ôfstân foar in maraton (42,192 km), dy 't dan ek sûnt it jier 2000 elke fjouwer jier hâlden wurdt, sawol foar atleten as foar kuierders. De rest fan de tiid is de dyk frij te berinnen en te befytsen. Tusken 2000 en 2008 binne by Wommels en by Frjentsjer twa fytsbrêgen oanlein, sadat de histoaryske dyk no wer ien gehiel is. Ek wat natuer betref mei de Slachte der wêze.

It slingerjende lint is in lange ekologyske ferbiningssône foar bisten, lykas stikelbargen, kikkerts, mûzen, padden en ynsekten. It Fryske Gea beheart de Slachte, de langste binnendyk fan Nederlân.

- Annemarie Bergfeld út: Friesland: 200 plekken, die je echt gezien moet hebben

Wierum

*Jûns let noch efkes nei de dyk.
Ljochtsjes fan de eilannen bewûnderje.
Sjen nei it ritme fan de fjoertuorren.
Tûzenen stjerren oan it firmamint.
In seefûgel dy't noch in kear kriget.
De weagen klauwe oan de dyk.
Yn dizze romte binne je mar in neatich minske
Dan slacht de toer tolve kear
En is der wer in dei foarby.*

Jurjen Kootstra



Nijs út Fryslân

De “Witte Swaen”. It replikaskip de Witte Swaen út Harns hat meidien oan Sail Amsterdam. De Witte Swaen is in rekonstruksje fan it skip fan ûntdekkingsreizger Willem Barentsz. Mei it orizjineel gie Willem Barentsz yn 1596 fan Skylge nei Nova Zembla. No, 429 jier letter, giet de replika dochs noch nei de haadstêd. Frijwilligers ha 13 jier dwaande west om it skip nei te bouwen. Yn 2023 koe de Witte Swaen foar it earst farre.

Belvédère-toer. Nei in grutte renovaasje is de útkyktoer Belvédère yn Oranjewâld wer iepen foar publyk. De bulte derûnder brokkele ôf en dêrtroch kaam de fundering bleat te lizzen en wie der kâns op betonrot. De trep wie amper mear tagonklik en de toer beklimme waard hieltyd gefaarliker. De bulte is no ferstevige mei mear grûn. Der wie hiel wat fan fuortspield. Oan de noardkant fan de toer is ek noch in nije trep makke. Dy siet der yn it ferline ek. De betonnen toer bestiet dit jier 100 jier. Foar dy tiid stie op dat plak in houten útsjochtoer.

Dijk van een vrouw. It moat in ikoanysk projekt wurde fan Sense of Palce: *Dijk van een vrouw*. In heuvel dy't oanlein wurdt yn de foarm fan in lizzende frou. Heal augustus is de oanlis fan it lânskips figuer begûn. It is in ûntwerp fan keunstner Nienke Brokke. It is in figuer fan sân en klaai oan de binnendyk by Easterbierrum yn de gemeente Waadhoeke. It wurk moat mei syn rûne foarmen in kontrast foarmje mei it strakke agraryske lânskip. En úteinlik wurdt it mei gers en krûden begroeid. *Dijk van een Vrouw* wurdt sa'n 5 meter heech en 11 meter lang.

Oerbosk fan 6000 jier âld. In tige âld bosk is by Aldegea (Smellingerlân) foar't ljocht kaam. Dit barde by graafwurksemheden foar in nije mar. Nei alle gedachten is de bosk al tûzenen jierren âld. By it graven binne hûnderten stammen en tûken tefoarskyn kaam. It fermoeden dat der op dat plak wat ûnder de grûn siet wie der al efkes. Omwenners wisten nammentlik al dat der hout yn 'e grûn siet. Der wurde meunsters fan de beammen naam. Dy meunsters besteane út skiven dy't ôfseage en dêrnei ynpakt wurde. De jierringen wurde sa goed mooglik sichtber makke. Mei in saneamde jierringkalinder kin presys sjoen wurde hoe âld oft in beam is. Ut dat ûndersyk docht no bliken dat de beammen tusken 4000 en 6000 jier âld binne. De bosk is in typysk oerbosk en fertelt ek wat oer de aktiviteiten fan de minske yn dat bosk. De bosk wie sa'n 90 hektare grut. □

Wat hinget der út Fryslân bei jo oan de muorre?



Bei ús hinget in ynkleure pastel-tekening fan Earnewâld, datearre 1948, fan Stines Veldkamp yn blauw- en griistinten. It is in foarstúdzje fan it oaljeferveskilderij wat earder yn de jierren '50 by ús thúshong, mar ik wist doe net dat dizze tekening bestie. Die seach ik folle letter by myn suster hingjen, mar moai, no nee. It hong yn in minne list en bobbele alle kanten út. Nei har ferstjerren belle myn nicht oft ik belang hie, oars gong it yn de liko. Ik besleat it in kâns te jaan en bin er mei nei in goeie listemakkerij gong; dy wist er wol rie mei; it is no prachtich!

Wat ik mei Earnewâld ha?

Fan jongs ôf oant myn 13de jier

giene wy altyd mei de hiele húshâlding mei fakânsje op 'e fyts fanút Huzum nei Earnewâld. Wy sliepen op skjin strie yn de lege ko-westâl fan Nije Moed oan de Polderdyk, fier foarby de Princenhof, en sylden mei in liende BM-er op de marren en sleaten. Ik ken Earnewâld noch sa't it hjir útbylde is.

Myn âldste broer wenne tige lang yn 'It Slot' yn Wergea en hie dêr in soarte fan museum. Ek hongen dêr ferskate wurken fan Stines Veldkamp. Ut de erfenis krige ik it oaljeferve-skilderij wat ik hiel mistroastich fûn en ik ha it fuort oan him jûn. Fan myn suster woe er ek graach de foarstúdzje ha mar dat gie net troch.

Hoe kaam myn heit oan sawol dit skilderij as de foarstúdzje?

Ik kin my yntinke dat myn heit, dy't krekt begûn wie as hússkilder, in ferveput dien hat foar Stines en dat er hjirmei betelle is. Mar dat is giswurk fan my.

Wa wie Stines Veldkamp?

Berne yn 1907 Bellingwolde,

stoarn yn 1992 Ljouwert.

Byldzjend keunstner en learaar tekenjen. Syn wurk wie ferheljend, figuratyf en beynfloede troch útienrinnende streamingen as it surrealisme en ekspresjonisme. Meer ôfbyldings: Google op Stines Veldkamp skilderijen, kies ôfbyldings.

□ Anke Meier

Gesellige kritermiddei 30 oktober

Der moasten noch wat stuollen byset wurde om alle 35 oanwêzigen plak te jaan yn it sealtsje fan Wijkcentrum Hengelose Es. Earst waard der songen mei begelieding fan Hendrik Tel en doe kamen de âlde dingen op de taffeltsjes. De measten hienen wat meinommen fan froeger dat by alle ferhuzingen wer meigien wie. En dêr waard dan it ferhaal by ferteld. En dêr waard dan wer op ynheakke. En fan't ien kaam it oar. Sa bliken twa dames, dy't inoar net koenen, op deselde húshâldskoalle sitten te hawwen en dat nei oanlieding fan in hiel lyts faaske. We koenen it goed pratende hâlde, it wie gesellich en it wie samar healwei fiven. Der binne al in pear suggesjes kommen foar in folgjende kear. De kommisje K en G sil him der oer beriede en takommend jier sille we wol wer mei sa'n soarte middei komme: lekker Frysk prate en ússels meiinoar fermeitsje. □



Resept

Appel en bôle

200 gram droege appelsjes; 8 stikken âlde bôle (wyt of brún); 50 gram sûker; 40 gram bûter; 2 dl molke; kaniel.

De droege appelsjes in nacht weakje en de oare deis tweintich minuten op sêft fjoer sûntsjes prottelje litte, sadat se goed gear wurde en goed úttine. Helje de koarsten fan de bôle ôf en weakje de stikken bôle yn 'e waarme molke. Lis de bôle mei hjir en dêr in klútsje bûter yn in fjoerfêst skaaltsje. Doch om bar in laachje bôle en in laachje appelsjes. Sûker en kaniel tusken elk laachje struie. De boppeste laach moat út bôle bestean. Omtrint in healoere yn 'e oven op 200 graden. Kin ek hiel bêst mei appelsmots makke wurde.

□ út: "De nije Petiele" fan Wieke de Haan

Tiden hawwe tiden

Beetstersweach 1961, stie by de foto. Koarte baan wedstriden. Atsje Deeltra, doe noch net troud mei Jelle Keulen, is der ferneamd troch wurden. Wa't it earst oer de streep kaam, gie nei de folgjende omloop. Fûl útein sette en streekje. De measten riden doe al op noaren.



Boekenijis

Fryske Boekewike. De Fryske Boekewike is fan 8 oant 16 novimber. By oankeap fan 15 euro oan Fryske boeken krije jo in kadoboek, “**Oan ’e ein fan ’e oere**”, skreaun troch Anne-Gooitske Breterler. It is in famyljeferhaal oer in húshâlding yn Moddergat.

Bûsboekje, de iennige Frysktalige aginda. It tema foar 2026 is *Boadskippen*. *Priis: 9,00*. Kin besteld wurde by Afûk of Friese Producenten, mar dat makket de priis wol djoerder dan oanskaf yn Fryslân.

De ierde giet troch minskehanen teloar, Durk van der Ploeg. Dizze nije, benearjende aktuele roman fan Durk van der Ploeg fertelt it ferhaal fan Aling Koudenburg, in learaar biology dy’t der ûnrjocht-mjittich fan betichte wurdt dat er ien fan dyn studinten tenei west hat. *Priis: 26,50*.

De geheime doar, Lida Dykstra. 25 Ferhalen om yn te ferdwinen. Leeftyd 10+. It boek stiet fol fer-rassende en ferwûnderlike ferhalen oer in plysjehûn, minsken út it jier

2275, Jacob dy’t yn de 2e wrâld-oarlich ûnderdûke moast en noch folle mear. *Priis: 17,50*.

Mienskiplike Dealer, Ferdinand de Jong. It twadde boek yn in searje plysjeromans yn en om it Hearrenfean. *Priis: 19,90*.

De kening sûnder hynder, Levina van Teunenbroek. Berneboek. As de kening mei in poerbêst sin de keninklike stallen ynstapt, wachtet him in aaklike ferrassing: syn hynder is ferdwûn. In grappich ferhaal op rym oer heldenmoed en échte freonskip. Yn it Frysk oersetten en ferskynd nei oanlieding fan de Berneboekewike. *Priis: 7,99*.

De hoop fan Holwerd, Anita Terpstra. It ferhaal fan in doarp, in eilân en de see. Nederlânstalich. *Priis: 22,90*.

Foardat de Nederlânske Berneboekewike úteinset, wurde de winners fan de Gouden Griffels en Penselen bekend makke. **De wonderverteller** fan Lida Dijkstra út ’e Knipe waard bekroand mei de Gouden griffel 2025. □ Ali

Trije. Sake komt thús fan’t wurk. Syn frou stiet al glunderjend by de doar. “Ik moat dy wat fertelle, Sake. Ynkoarten binne wy mei ús trijen hjir yn hûs.” Sake is hieldal oeremis, rint in pear kear troch de tún, lûkt in fleske bier iepen. Hy jowt him del op ’e bank en hellet syn frou oan: “No ju, wat fijn.” “Ik bin bliid dasto der sa op reagearrest,” seit de fou. “Nije wike komt dyn skoanmem by ús yn.”

Witte jo dat

- de 172ste PC dit jier wûn is troch Marten Bergsma, Hessel Postma en Pieter Jan Leijenaar? Marten Bergsma waard útroppen ta (100ste) Kening, hy krige de sulveren bal. De finale wie tsjin it partuer fan Gert-Anne van der Bos. Utslach 5 - 0 en 6 - 4.
- de Freulepartij yn Wommels, in wike letter, wûn is troch de jonges út Stiens?
- Roel Oostra fan't simmer 104 jier wurden is? Oostra wie jierrenlang direkteur fan De Lawei yn Drachten.
- it Skûtsjesilen SKS dit jier wûn is troch it skûtsje fan It Hearrenfean, de Gerben van Manen, mei skipper Sytze Brouwer? De skûtsjes wiene ek dit jier alle dagen te folgjen by omrop Max.
- fan't simmer de âld-foarsitter Stoffel Haagsma fan it Frysk Boun om Utens stoarn is? Stoffel wie 100 jier.
- ûndersyk fan de Fryske Akademy oantoant dat it goed giet mei it Frysk? De taal wurdt mear brûkt yn húshâldingen mei lytse bern en ek online wurdt it Frysk faker brûkt by Whatsapp, Snapschat en TikTok.
- it âlde belestingkantoar oan de Tesselschadestraat yn Ljouwert te keap stiet? It Rijksvastgoedbedrijf siket gadingmakers om it gebou in nije funksje te jaan. Leafst ombouwe ta wenningen.
- wy wer in foto efter op dizze Twirre hawwe? Witte Jo wêr't er makke is? De foarige kear de nije "Halsbân"- brêge oer de N31 by Surch.



SUDOKU

Yn de fakjes moatte de sifers 1 oant en mei 9 ynfolle wurde op sa'n wize dat yn elke horizontale line en yn elke fertikale kolom en yn elk fan de njoggen blokjes de sifers 1 oant en mei 9 ien kear foarkomme. Yn guon fakjes binne de sifers al ynfolle.

☐ ynstjoerd troch Jurjen Kootstra

	4							
7	3		8					5
	5		2		3			9
3		5						4
	1	6		9		5	3	
4						6		8
5			6		8		2	
2					7		6	3
							5	



Fryske boek- en kadowinkel

Boterhoek 3, Ljouwert
(058) 234 30 70
ynfo@afuk.frl
websjop.afuk.frl



@stichtingafuk f /stichtingafuk

Websjop 24/7 iepen!

afûk

Wolkom

Yn de Afûk Fryske boek- en kadowinkel fynst de moaiste boeken yn en oer it Frysk en Fryslân, mar ek in grut ferskaat oan oare produkten, lykas Fryske kreamkadootsjes, cd's en dvd's, sûveniers, aansichtkaarten en kado-artikels.



Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58

Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09

Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

